

Hân omheech!



Ja minsken we binne los. Wat sis ik, de earste omloop is alwer aardich ûnderweis.

Op 19 april, in 'keatsclinic'. Betûfte keatsers dy't entûsjast oan de bern fan de fjouwer doarpen lesjouwe. En harren de 'kneepkes' fan it fak bybringe. Mei tank oan it Tsjerkefûns.

Ek de trainingen binne úteinset, dat betsjut dat eins eltse jûn wol keatsers op it fjild steane.

Fan jeugd op moandei en tiisdei, oant op woansdei âldere(i)n, tongersdei en freedse, kin der pelote, wallball of frijkeatst wurde. Ek dit jier binne de keatsers fan Puur Passie wer oan it trainen op it fjild.

Koartsein, eltse dei is in keatsdei (want yn de wykeinen binne de partijen).

Op ús webside fine jim alderhande saken omtrint it keatsen yn Reduzum en omkriten.

Fansels sil Debby, ús mediamanager, jimme op Insta, Facebook en side op 'e hichte hâlde kwa útslaggen, foto's en belibbenissen.

Punt fan oandacht: op 3 maaie sil de KNKB froulju haad- en 1^e klasse ôfdielingspartij ferkeatst wurde en op 14 juny ferwachtsje wy in fjild fol pupillejonges foar harren ôfdielingswedstriid. Foar beide partijen hawwe we karmasters yndield (sjoch karmasterskema op 'e side), mar ek noch nedich. As jim in oerke as wat op in line sitte wolle dan graach.

Op nei it fjild, klear foar de twadde omloop.
Groetsjend, Frederik



Kabouters (bertejer 2017 of jonger)

By de sealtrainingen hawwe wy ek in soad omtinken hân foar it begjinnersspul. Wy binne dan ek grutsk op ús kabouters, dat se oan 'e âlden sjen litten ha it spul goed op gong te hâlden. Dêr wolle wy graach in ferfolch oan jaan.

Ut de feriening wei spylje de kabouters noch net in kompetysje, mar út de regio is der in hiel moai oanbod fan mar leafst tsien wedstriden troch hiel Fryslân, wêrby't de begjinnende kabouters apart keatse fan de wat fierdere kabouters.

Sa is der op 29 maaie yn Grou in kabouterwedstriid, wat wy graach as spearpunt nimme wolle om (in part fan) ús kabouters oan meidwaan te litten. Bern jouwe harren yn twatallen op foar dizze wedstriden. Om de kabouters hjirop ta te rieden wolle wy dizze groep oanbiede om freedtejûns fan healwei sân en ôf frijbliuwend wedstrydsjes te spyljen yn it begjinnersspul. Margriet en/of Anique sil yn alle gefallen oant 22 maaie alle kearen oanwêzich wêze om it spul te begelieden. Dit jout ek âlden de mooglikheid om it begjinnersspul mei de eigen bern oppakke te kinnen of om dit sels fierder hannen en fuotten te jaan.

Nei 22 maaie is der net standert begelieding foar de kabouters en sil it troch âlden of miskien âldere bern droegen wurde moatte, mar wat soe it moai wêze, as ús kabouters dit jier ek alris priuwe kinne oan it boartsjen fan wedstrydsjes.

Sjogge wy jimme op freedtejûn?



Balleferkeap

Om it keatsen te stimulearjen, wolle wy dit seizoen ek besykje om as tuskenpersoan te fungearjen mei de ferkeap fan ballen. Elkenien kin dit by de KNKB bestelle en út Frjentsjer helje, mar dêrneist kinst dit seizoen ek ballen by Anique of Margriet keapje. It giet dan om de giele strjitkeatsballen, muorrekeatsballen en oefenbaltsjes (kleure).

Oefenbal/freeball	€ 1,00 it stik
Strjitkeatsbal	€ 3,50 it stik
Muorrekeatsbal	€ 3,50 it stik



Kantineskema



Wedstriidskema



Kompetysjeskema



Karmasterskema



Fjildlisskema



Skjinmakskema

Krekt foardat it keatsseizoen begûn hat elkenien in flyer yn de bus krigen. Dêr steane in tal skema's wiidweidich op en guon skema's binne mei QR koades te besjen op ynternet. It kin foarkomme dat tusken it drukken fan de flyer en it spyljen fan de wedstriid in wiziging plakfûn hat. Dêr kinne wy spitigernôch gjin rekken mei hâlde. Wol sille we alle skema's up-to-date hâlde op de webside. Hjir stiet altyd de nijste ferzje, dy't ek te printsjen is troch it Worddocument te iepenjen. Wy geane derfan út dat dejinge dy't oanjûn stiet op it skema, sels in ferfanger siket by ôfwêzigens. Sa kin elkenien it aardige spultsje goed spylje mei de goede stipe.

www.kaatsverenigingjanreitsma.nl

De side is it bêste te sjen op in kompjûter. Fia de tillefoan wol alles noch wolris trochelkoar hinne stean.

Nijs fan de ponghâlder

Begjin maaie wolle we de kontribúsje ôfskriuwe. Lette jo derop dat der genôch op 'e rekken stiet!



Frij traine

It fjildseizoen is wer los! We sjogge elkenien al wer entûsjast op it fjild trainen. Mochtst no graach mear traine wolle, dan kin dat. Alle freedtejûnen fan 18.30 oere ôf giet it materiaal hok iepen en kinst sels, mei âlden, pake, beppe of freontsjes komme te trainen. Tink derom, der binne gjin trainers, mar it hok is iepen om materiaal te lienen. Do leist dus sels even in perkje, datst oan de ein fan de jûn wer kreas oprommest. Dit jier wolle wy ek besykje om ris bern út de neiste doarpen te freegjen, sadat bygelyks ek ôfdielingspartoeren ris tsjininoar traine kinne en je ek oare bern moetsje.

De Keats!

De KNKB hat besletten dat de Keats allinnich mar digitaal te lêzen wêze sil. Bin jo net yn 'e gelegenheid om sa de Keats te lêzen, skilje dan efkes mei Debby (06-50468470) en we sille sjen nei in oplossing.

